

# *Parseberjocht*

## Provinsje subsidiearret Fryske oersetting FrieslandWonderland.nl

**De provinsje Fryslân hat oan FrieslandWonderland.nl in subsydzje takend foar in Fryske oersetting fan it webstek. Mei de subsydzje nimt de provinsje likernôch 75% fan de kosten fan de oersetting foar har rekken. Deputearre Steaten ha dêrta besletten om reden fan it feit dat FrieslandWonderland in wichtige bydrage leverje kin oan de sichtberens fan de Fryske taal op it ynternet. It databestân is benammen rjochte op gemeenten, bedriuwen yn de toeristyske sektor en ûnderwiisynstellingen; wichtige spearpunten yn it beliedsplan Fryske taal 2008 – 2010 “Fan Rjocht nei Praktyk: taal tusken minsken”.**

FrieslandWonderland is in partikulier inisjatyf dat yn earste ynstânsje rjochte is op ûndernimmingsen yn de toeristyske sektor. Der is in database oanlein mei dêryn alderlei kultuerhistoaryske en toeristyske ynformaasje it plak. Toeristyske ûndernimmingsen kinne harren webstek keppelje oan de dielen fan de database dy't foar harren nijsgjirrich binne. De basis fan de gegevens wurdt foarme troch in digitale ferzje fan it boek “419 keer Friesland” fan Peter Karstkarel. Fierder befettet de database ynformaasje en byldmateriaal fan ûnder mear Tresoar, Museumfederatie Fryslân, Stichting Staten en Stinzen en Stichting Industrieel Erfgoed Noord Nederland. It materiaal wurdt aktueel hâlden en der wurde geregeld nije tema's taheakke. Mei it each op de promoasje fan de toeristyske sektor is in grut part fan de database wyls ek beskikber yn it Dútsk.

De Fryske oersetting is benammen fan belang om reden fan de funksje fan FrieslandWonderland as publyk platfoarm. It is in boarne foar eltsenien dy't siket nei kultuerhistoaryske en toeristyske ynformaasje oer Fryslân. Mar it is ek in 'poadium' foar eltsenien dy't krekt wat kwyt wol op dat mêd. FrieslandWonderland hat op dy wize foar eagen om de no noch foar in part ferhoalen skatten op it mêd fan de Fryske kultuerhistoarje sichtber en foar in breed publyk tagonklik te meitsjen. Underwilens binne de gegevens fan 100 doarpen yn it Frysk beskikber. De rest folget de neikommende moannen.

---

### **Noat foar de redaksje:**

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei Bauke Folkertsma (0513 - 436724 / 06 - 51151519) of Louwrens Hacquebord (0519 - 220739 / 06 - 29510594)